

FRIJBÛTSE



De Wetterskipsfraksje,
mei nocht oan it wurk



TICHTBY.
FERTROUD.
WERKENBER!

Frijbûtser

Frijbûtser is in útjefte fan de FNP dy't trije kear yn it jier ferskynt (febrewaris, juny, oktober).

Nûmer 480 komt op 9 febrewaris 2024 út.

Kopij foar

19 jannewaris

opstjoere nei

frijb.ynfo@fnp.frl.

Ledeniis lykas oankundigingen, wurklisten en ferslaggen wurdt mei ledeniisbrieven ferspraat.

Redaksje

Jan Arendz

Jan Breimer

Janneke de Boer

Harry van Borkulo

Dirk de Jong

Johan Dirk van

der Schaaf

Foto foarside

De nije

Wetterskipsfraksje

(Trijntje Albada,

Anneke Hylkema

en Bert Vollema)

© Jacob van der Wal

Fan it haadbestjoer

Bouwe en talintsykje 4

Yn oantinken oan Durk Stoker 6

Start fan it polityk jier 7

Fan de kaderkommisje

Rûnlieding Provinsjehûs foar FNP-leden 9

Fan de Steatefraksje

Fan opposysje nei koalysje 10

De FNP-Steatefraksje 12

Fan de Wetterskipsfraksje

Folslein nije fraksje 14

En no oan it wurk 16

Fan de ofdielingen

Smellingerlân 18

Wethâlders 20

Fan de EFA

Kronyk 22

Paulien en Jurjen nei Wales 24

Susterpartij SSW 75 jier 26

Fan de OPNL

De Senaat en it nasjonale nivo 28

Adressen 30

BOUWE EN TALINTSYKJE



Foar jo leit – of better sein: krije jo op jo byldskerm – de earste digitale Frijbûtser. It is in grutte feroaring dy't tal fan mooglikheden jout. Jo kinne bygelyks [hjirop klikke](#) om de nije webside te besjen. Of [hjirop](#) om in eardere útstjoering fan Omrop Fryslân te beharkjen. Wy kinne ek mear en gruttere foto's kwyt sûnder ekstra papier en inket te brûken.

Guon leden hawwe gjin ynternet. Dy krije de Frijbûtser fansels noch wol op papier tastjoerd. En leden dy't net wenne kinne oan it lêzen op in byldskerm of op 'e telefoan komme we ek yn 'e mjitte. Oant no ta hawwe sân leden frege om har de Frijbûtser op papier te stjoeren. Foar de wissichheid hawwe we in tal ekstra drukke litten.

Oarsom is it ek sa dat alle leden rjocht hawwe op de digitale Frijbûtser. Dus as jo noch net in e-mailadres oan ús trochjûn hawwe, dan kin dat no en krije jo de oare kear de Frijbûtser oer de mail. Us ledeblêd is trouwens alle kearen ek gewoan te finen op ús webside. Sjoch [hjiir](#) mar efkes.

De digitalisearring wurdt mei mooglik makke troch ús riedsleden Dirk de Jong (Waadhoeke) en Johan Dirk van der Schaaf (Noardeast-Fryslân). Hja meitsje de siden foar de redaksje op. Dat skeelt benammen Jan Breimer in soad tiid. Hy kin him no mei Harry van Borkulo op it neisjen rjochtsje.

Dochs wer yn 'e koälysje

Underwylst hawwe we as partij wer mei-inoar suksessen fiere kinnen. De FNP is dochs noch ûnderdiel wurden fan de provinsjale koälysje, mei Sijbe Knol as nije deputearre. Lokwinske Sijbe en lokwinske Steatefraksje! Eins is in felisitaasje foar hiel Fryslân op syn plak, want der komme rûnom folle minder wynmûnen en gjin grutskalige wenteboulokaasjes lykas ynearsten it doel wie.

Fierder waard ús Auke de Groot troch de Steateleden fan Nederlân keazen as Earste Keamerlid. En FNP'er Sybren Singelsma waard foarsitter fan it gearwurkingsferbân fan regionale en lokale partijen OPNL (foarhinne OSF). Beide mannen, yn it ferline stúdzjematen yn Grins, ek tige lokwinske.

En dan is der noch de stap fan Aant Jelle Soepboer nei de Twadde Keamer, foar Nieuw Sociaal Contract. Ik tink, in boppeslach foar Fryslân. Aant Jelle

kriget de romte fan Pieter Omtzigt om in ambassadeur foar Fryslân te wêzen. Ik bin der wis fan dat hy de Keamerleden geregeldwei in Fryske bril opsette sil. En as partij krije we in unike yngong yn De Haach.

Fan herten lokwinske Aant Jelle! Dochs hawwe we, tink ik, allegear in dûbeld gefoel. Aant Jelle bliuwt lid, belutsen en efter de skermen aktyf. Mar we ferlieze in boechbyld. Dat gat moatte we sels opfolje. De provinsje Fryslân en de Fryske gemeenten hawwe in sterke FNP mei in eigen lûd nedich, in partij dy't gjin konsesjes dwaan hoecht.

Suksessen hawwe in priis

Alle suksessen (ek yn gemeenten en Wetterskip) hawwe dus in priis. De politike arena's, it haadbestjoer, de kommisjes en alle ôfdielingen moatte wer oanfolle wurde mei nije minsken dy't tiid hawwe en dy't leafst mear finnen hawwe as in bears. In wichtich doel fan it haadbestjoer is dêrom yn te setten op it winnen fan nije

leden. Tagelyk moatte we besjen wat we (nije) leden dy't wat út 'e wei sette wolle, oanbiede kinne. In opliedingstrajekt? In moai projekt? Sis it mar.

Op de twa klustergearkomsten yn oktober (de 16e foar súd, de 23ste foar noard) wolle we de scouting besprekke. Hoe pakke we dy struktureel oan? Hokker goede foarbylden binne der? In spesjale scoutingskommisje sammelet alle ideeën en komt mei in plan.

Wat we no al witte is dat we it mei-inoar dwaan moatte. It draait faak om goede persoanlike kontakten en kofjedrinken. Wa is net by de FNP kommen nei in persoanlik petear? Dêr soene we allegear in bytsje tiid yn stekke moatte. Want tink derom, oare partijen sitte net stil! Dat hawwe we sjoen oan de NSC fan Pieter Omtzigt.

Jan Arendz, foarsitter

*jan.arendz@fnp.frl of info@janarendz.nl
06-1186 4505*

Betink in namme foar de digitale Frijbûtsjer

Net allinne de Frijbûtsjer hat in oar jaske krige, de nijsbrief kriget dat ek. Dy is ek oansletten op it wrâldwide web. Njonken it lêste FNP-nijs is dan mei ien mûsklik mear eftergrûnynformaasje te finen. In fêste rubryk sil 'Foar it bûsboekje' wurde, mei datums fan gearkomsten dy't deroan sitte te kommen.

Koart sein: De nije nijsbrief is in soarte fan Frijbûtsjer 2.0 dy't we sa faak as we wolle ferspriede kinne. Wy sykje noch in tapaslke namme foar dy Frijbûtsjer yn nijsbrief-foarm. Ideeën binne wolkom! Graach stjoere nei: fnphus@gmail.com

YN OANTINKEN OAN DURK STOKER

Op 20 july ll. stoar Durk Stoker yn 'e âldens fan 65 jier. Hy hat foar de FNP yn ferskate funksjes warber west.

Yn de eardere gemeente Nijefurd wie er hiel aktyf yn de skaadfraksje. Foar de nije gemeente Súdwest-Fryslân dy't op 1 jannewaris 2011 foarme waard, hat er as foarsitter fan it ôfdielingsbestjoer in soad wurk ferset om de ôfdielingsbestjoeren en leden fan de fiif eardere gemeenten yn ien ôfdieling ûnder te bringen. Durk en syn frou wiene hiel gastfrij, benammen yn de oanrin nei de ferskillende ferkiezingen wiene we altyd wolkom by harren thús yn Koudum om mei-inoar oan de kampanje te wurkjen.



Fan 2014 oant 2017 wie Durk wethâlder yn de gemeente Súdwest-Fryslân foar de FNP. Leefberens, ferkear en sportfoarsjenningen hie er û.o. yn 'e portefúlje. Benammen de leefberens yn de hiele gemeente hie by him prioriteit. Durk wie in man mei fyzje: wêr't oaren in probleem seagen, seach hy kânsen om ta in oplossing te kommen.

Nei 2017 hat er noch efkes fraksjefoarsitter yn de gemeenteried fan Súdwest-Fryslân west. Alhoewol't er o sa teloarsteld wie dat de FNP net yn it nije kolleezje kaam wie, hat er him ek as fraksjefoarsitter wer fûleindich ynset. Oant er yn 2018 wethâlder fan de gemeente De Fryske Marren waard. Dat hat spitigernôch mar fjouwer moanne duorre. Troch it skeel oer de sânwinning yn de Iselmar by Aldemardum moasten hy en wethâlder Durk Durksz ôfskied nimme.

De lêste jierren wie Durk Stoker foarsitter fan it Algemien Bestjoer fan de OPNL.

Wy winskje syn frou Corrie, bern en bernsbarn in protte krêft en sterkte ta.

Corrie Bergstra-Veldhuis, riedslid FNP-SWF

START FAN IT POLITYK JIER

De heechste terp fan Nederlân wie op 2 septimber it toaniel fan ús start fan it polityk jier. Sa'n fjirtich aktive leden en politisy kamen op útnûging fan it haadbestjoer nei Hegebeintum. Welmoed van der Werf en Bouwina van Dellen fan de ôfdieling Noardeast-Fryslân hiene net allinne in barbecue regele, wy krigen ek rûnliedingen op 'e terp, yn 'e tsjerke en yn Harsta State. It wie in tige slagge middei en jûn. Tige tank Welmoed en Bouwina!



Terp Hegebeintum



FNP'ers oan in picknicktafel yn ôfwachting fan fleis. Fan links ôf: Riedslid fan Achtkarspelen Wopke Veenstra, deputearre Sijbe Knol, skriuwer Sijbren Sijsma (ôfdieling Smellingerlân), Wouter Wouda (riedslid De Fryske Marren), Geriena Bosma (beliedsmeiwurker Steatefraksje), Wietske Poelman (riedslid Achtkarspelen) en Aly Castelein (frijwilligster Partijhûs). Sa te sjen is Rivella populêr ûnder FNP'ers.



Harkje nei de rûnlieder op 'e terp fan Hegebeintum. Fierder fan links ôf: kommisjelid Anneke Hylkema fan de Wetterskipsfraksje, OPNL-foarsitter Sybren Singelsma, Waadhoeke-foarsitter Sietze de Haan, foarsitter Wetterskipsfraksje Bert Vollema, HB-lid Annigje Toering, foarsitter fan 'e Steatefraksje Gerben van der Meij, Trijntje Albada (AB Wetterskip), FNP-foarsitter Jan Arendz en Jan Pieter van der Velde (riedslid Tytsjerksteradiel).



Ynterieur tsjerke Hegebeintum

RÛNLIEDING PROVINSJEHÛS FOAR FNP-LEDEN

Op 4 septimber ll. organisearre de FNP-kaderkommisje in rûnlieding troch it Provinsjehûs. Dy wie bedoeld foar nije leden en by genôch romte ek foar oare leden dy't dêr belangstelling foar hiene.



In part fan it selskip yn 'e seal fan Deputearre Steaten

Rûnlieder Klaas Arie Beks (rjochts op de foto) liet ús alderhande sealen en keamers sjen, ûnder mear de seal dêr't Deputearre Steaten yn gearkomme en de wurkkeamer fan Deputearre Sijbe Knol. Beks fertelde fol fjoer oer de skiednis, it hjoeddeistige gebrûk

en nuveraardige praktyksituaasjes. Mei goed tritich dielnimmers wie der in moaie opkomst. It wie in goede jûn foar belutsen leden om mei-inoar yn 'e kunde te kommen.

Jan Pieter van der Velde, lid kaderkommisje

FAN OPPOSYSJE NEI KOÄLYSJE

Foar it simmerreses is der in soad bard. Yn de Frijbûtsjer fan juny skreaune we noch dat we nei tolve jier yn de opposysje komme soene, en we wiene fan doel om dy rol selsbewust op te pakken, mar it kaam hielendal oars. Yn dizze bydrage wolle we jimme byprate oer dy grutte feroaringen.

Op tiisdei 20 juny knapten de ûnderhannelingen foar in nije provinsjale koälysje tusken BBB, PvdA, CDA en ChristenUnie. De PvdA is oan de ein fan it proses opstapt. Nei de earste ynformaasje-omgong fan maart die de FNP net mear oan de ûnderhannelingen mei. De knop is doe rillegau by ús omgien. Mei in nije fraksje en positive enerzjy paste ek de oankommende nije rol as lieder fan de opposysje ús as in jas. Dat makke ek dat de fraach om no dochs wer mei te dwaan, net maklik foar ús wie. Neidat we alle foar- en neidielen tsjininoar ôfwoegen hiene, hat de fraksje nei goed oerlis unanym it beslút nommen om it petear net út de wei te gean.

Der folgen twa hiel yntinsive wiken foar de fraksje en de ûnderhannelers. It wiene lange

dagen om ús in proses eigen te meitsjen en derfoar te soargjen dat der genôch foar de FNP ynsitte soe. De opdracht wie dúdlik. Wy hawwe mei tal fan minsken yn de partij oerlis hân en har om input fregge: wethâlders, riedsleden, it bestjoer en guon leden. Al folle earder hie de nije fraksje in reiske pland nei Brussel om in wykein oan de strategy en de gearwurking te wurkjen. Dat kaam moai út, dy tiid koe no bestege wurde oan it besprekken fan de ûnderhannelingsstikken.

Dat der op in frij koarte termyn in akkoart lei, wie mei de fertsjinsten fan de linichheid en konstruktive hâlding fan de oare trije partijen. Op 6 july koe yn Furdgum it nije bestjoersakkoart presintearre wurde: Oparbeidzje foar Fryslân.



De fraksje op besite yn it Europeesk Parlemint



De fraksje bestudearret it konsept-akkoart



De fraksje by de ynstallaasje

De FNP-Steatefraksje is grutsk op it akkoart. Wy hawwe in soad saken berikke kinnen. Saken dy't ús goed passe en dêr't we bliid fan wurde. Der wurdt net besunige. Neist it strukturele budzjet komt der dizze perioade in ynvestearring fan 175 miljoen euro. De FNP hat derfoar soargje kinnen dat der in fikse ympuls op wenjen, leefberens, taal en kultuer komt.

Dêrneist giet it Deltaplan voor het Noorden in jiskefet yn. Fan in keppeling mei grutskalige wentebou kin gjin sprake wêze. Foar ús is tige wichtich dat de effekten op it lânskip en de natuer yn kaart brocht wurde. En dat de partijen yn Provinsjale Steaten yn posysje brocht wurde. It wol of net trochgean mei de Lelyline leit sûnt ferline jier yn hannen fan it Ryk. Wy fine boppe-al dat it plattelân berikber bliuwe moat mei it iepenbier ferfier.

Sijbe Knol nije FNP-deputearre

Op 19 july waard it nije kolleezje fan Deputearre Steaten beëdigde. Sijbe Knol wurdt polityk ferantwurdlik foar de ûnderwerpen romte, wenjen, enerzjy, leefberens en kultuer. Dat binne portefúljes dy't goed by de FNP passe. Sijbe wurdt dejinge dy't derfoar soargje mei dat ús romte en ús lânskip ek ús goud bliuwe. Yn gearwurking mei de gemeenten sil er deroan wurkje dat yn alle kearnen nei



It nije kolleezje fan Deputearre Steaten

aard, skaal en karakter foar ús ynweners boud wurde kin. 'Wenje wêr't wy wenje wolle'. Dêrneist is it syn opjefte om yn oparbeidzjen mei de mienskip en de kulturele sektor de leefberens oerein te hâlden en te ferbetterjen.

Deputearre Klaas Fokkinga mei pensjoen

Meidat it nije kolleezje oan it wurk gie, wie it de lêste wurkdei fan Klaas Fokkinga. Hy hat as FNP-deputearre trijen heal jier lyn it stokje fan Johannes Kramer oernommen en op in betûfte wize útfiering jûn op wichtige beliedsterreinen lykas lânbou, leefberens, wenjen en erfgoed. Yn in persoanlik ôfskiedswurd joech Fokkinga ynsjoch yn syn ûnderfiningen as deputearre en rôp er op om oer de grinzen te sjen en om each te hawwen foar ús kultureel erfgoed. Dat jout kânsen en ferbynt minsken. De Steatefraksje is wiis mei de ynset fan Klaas.



Klaas Fokkinga nimt ôfskied

DE FNP-STEATEFRAKSJE

Mei it ferhúzjen fan Sijbe Knol nei de kolleezjebankjes, hat ús fraksje ek oan it skowen west. Sa is Tjitte Hemstra trochskood nei de Steaten en hat Gerben van der Mei it stokje oernommen as FNP-fraksjelierder. De portefúljes binne ek opnij ferdield.



Gerben van der Mei:

- Programma 1. Bestjoer en feiligens
- Programma 7. Finânsjes + Auditkommisje
- Programma 8. Ferkear en ferfier
- Programma 13. Omjouwing
- Programma 15. Ynternasjonale saken en Keninkryksrelaasjes



Dinie Visser:

- Programma 2. Ekonomy, rekreaasje en toerisme
- Programma 3. Kultuer
- Programma 6. Europa + platfoarm Europa



Sita Land-Dotinga:

- Programma 4. Taal en ûnderwiis, ynklusyf Steatekommittee
- Programma 5. Sport, sosjaal beleid en soarch
- Programma 12. Wenjen en erfgoed
- Programma 14. Streekwurk / Leefberens



Tjitte Hemstra:

- Programma 9. Wetter
- Programma 10. Natoer en lânbou
- Programma 11. Miljeu (duorsume) enerzjy en mynbousaken



Thom Feddema is ús kommisjelier en hat de portefúljes:

- Programma 9. Wetter
- Programma 10. Natoer en lânbou
- Programma 11. Miljeu (duorsume) enerzjy en mynbousaken



KULTUER AS SMAROALJE FOAR DE MIENSKIP

Fraksjemeiwurkers

De FNP-Steatefraksje wurdt stipe troch twa meiwurkers dy't op de eigen fraksjekeamer fan de FNP yn it Provinsjehûs wurkje. De namme Frank de Boer sil jimme wol bekend yn 'e earen klinke, mar fan 1 septimber ôf beset Geriena Bosma it kantoar yn Ljouwert ek.

Efkes foarstelle:

Myn namme is Geriena en op 1 septimber bin ik by de FNP begûn as beliedsmeiwurker. In hiel moaie útdaging dy't ik mei beide hannen oannommen haw, nei't ik ferline febrewaris myn hbû-diploma rjochten helle haw. Ik sit net graach stil en bin fan doel om fierder te studearjen. Mar op dit stuit stiet dat op in leech pitsje, want myn prioriteit leit by ús húshâlding. Mei myn man en ús twilling (as jimme dit lêze sa'n 7,5 moanne âld) wenje wy yn De Harkema. Yn ús frije tiid geane wy graach op 'e strún en genietsje wy fan de natuer yn ús moaie Fryslân. Wy meitsje aardich wat kilometers mei de bernewein. Alle dagen dei rin ik mei in glim om 'e mûle ús kantoar yn. Hoewol't wy it noch net sa drok hawwe, rûgelje ik der sa wol moai yn. Ik sjoch út nei de útdagingen dy't by de FNP op myn paad komme.



FOLSLEIN NIJE FRAKSJE

Foardat we fan wâl stekke lokwinskje wy de partij, deputearre Sijbe Knol en de Steatefraksje mei it sukses dat de FNP by de Fryske Steaten dochs noch yn de koälysje sit.



Trijntje Albada, Anneke Hylkema en Bert Vollema

En dan nei it Wetterskip. Nei de koälysje-ûnderhannelingen, it ynwurkjen en de earste grutte besluten komme we sa njonkenlytsen wat yn rêstiger farwetter en krije we sicht op en nocht oan it wurk dêr't we ta roppen binne. Earst stelle we ús as fraksje foar. Partijen dy't ien of twa sitten hawwe, kinne ien of twa kommisjeleden oanwize dy't foar in part meidraaie. Dêrtroch bestiet ús fraksje út twa bestjoersleden (Bert Vollema en Trijntje Albada) en ien kommisjelid (Anneke Hylkema).

Bert Vollema

Ik bin 55 jier, wenje yn Tsjom en bin biologysk boer. Ik bin troud mei Joke en we hawwe fjouwer bern. De âldste twa dêrfan binne foar harren stúdzje de doar al wer út. Neist it buorkjen hâld ik my thús ek bot dwaande mei greidefûgelbehear. Ik wie al riedslid en fraksjefoarsitter foar de FNP yn de gemeente Waadhoeke, no ek yn it Algemien Bestjoer fan it Wetterskip. It Wetterskip hat de ûnderskate portefeuilles yn twa groepen ferparte. Ik sil my dwaande hâlde mei DSF: Diken, Stêden en Finânsjes. Foar de fraksje bin ik kontaktpersoan foar de gemeenten Achtkarspelen, Dantumadiel, Harns, Ljouwert, Noardeast-Fryslân, Tytsjerksteradiel, Waadhoeke en de Waadeilanen.

Trijntje Albada

Ik bin 32 jier, wenje mei Sipke yn Murns en bin beliedsadviseur algemiene sûnenssoarch by de GGD. Wat wie it spannend op 15 maart 2023 en de dagen dêrnei! Ik stie as tredde op de list. Lang like it dat we trije sitten krije soene; dochs waarden dat op it lêste momint twa, dat ik foel derbûten. Oant op 22 maart jûns let de telefoan gie en de sekretaris-direkteur fan Wetterskip Fryslân my fertelde: "Trijntje, ik haw goed nijs, do hast 4.972 stimmen krige ..." In foarkarsit! Dat der sa'n soad minsken op my stimme soene, hie ik nea tocht! In boppeslach, mar it wie ek wol efkes skeakeljen, want ik hie der net mear op rekkene, it formaasjeproses wie al geande en it betsjutte ek in AB sûnder ús wardearre en betûfte kollega Bram Bonnema. Wy moasten troch, en dat is slagge. Mei ús kommisjelid Anneke sil ik my dwaande hâlde mei SKZ: Systeembehear, Kwaliteit en Suveringen. Foar de fraksje bin ik kontaktpersoan foar de gemeenten De Fryske Marren, Eaststellingwerf, It Hearrenfean, Opsterlân, Weststellingwerf, Smellingerlân en Súdwest-Fryslân.

Anneke Hylkema

Ik bin 53 jier, wenje yn Aldegea-SWF en bin as zzp'er administrateur. Doe't ik frege waard om my beskikber te stellen as kandidaat foar de wetterskipsferkiezingen, wie polityk nij foar my, mar wa't earne wat fan fynt en der wolris yn omreagje wol, moat soargje dat er oan 'e tafel komt. De ûnderwerpen 'genôch en skjin wetter', 'drûge fuotten hâlde' en dat yn kombinaasje mei sûne lânbou en in miljeu dêr't goed yn te libjen is, fyn ik tige wichtich, dat ik bin it aventoer oangien! As fyfde op de list rekkene ik net op in plakje yn de fraksje. Mei mear as 2000 stimmen bin ik dik tefreden. Op 20 juny bin ik beëdigde as kommisjelid.

EN NO OAN IT WURK

Wy sjogge mei-inoar werom op in moaie kampanje, al hiene we graach mear sitten (en leafst ek in eigen DB'er) hawwe wollen. Foar de simmerfakânsje hawwe we in nijsgjirrich ynwurkprogramma folge en in soad leard oer suveringen, (primêre) kearingen, boaiem(delgong), gemalen ensfh., dat we kinne ús no noch better ynsette foar 'foldwaande skjin wetter, foar no en foar letter!'

Wy binne ús no oan it ynlêzen oer besteande en mooglik nije regeljouwing. Omdat foar de fraksjeleden it wurk foar it Wetterskip nij is, hat de ferdieling fan portefúljes pas koart lyn syn beslach krige. Wy woene earst sjen wêr't de ynteresses lizze.

It Wetterskip stiet foar grutte finânsjele útdagingen, want de inket fan it koälysje-akkoart wie noch mar amper drûch of dêr bliek foar dit jier al in grouwêlich tekoart te wêzen. Rinnende it jier 2023 is der foar alve miljoen út de algemiene reserve helle. Sân miljoen dêrfan is struktureel te neamen. Sa'n grut bedrach kin net nochris opfongen wurde, al wurdt it it rinnende it jier wol lytser troch ynsidente tafallers. Dochs moatte de strukturele kosten yn lykwicht brocht wurde mei de strukturele opbringsten. Mei oare wurden: der moat keazen wurde, en dat wurdt dreech, want it soargjen foar foldwaande skjin wetter en feilige diken sil der de kommende jierren net goedkeaper op wurde.

Yn de neie takomst steane ús grutte opjeften te wachtsjen: omgean mei skoften fan drûchte en te folle wetter yn ien kear, de kwaliteit fan it wetter, dy't neffens de KRW-noarmen ferbettere wurde moat en benammen de fean-greideproblematyk. Wetterskip Fryslân sil alle war dwaan moatte om foar alle ynwenners de bêste oplossingen te finen.

De FNP-Wetterskipsfraksje giet derfoar!



Smellingerlân

SMELLINGERLÂN YN BEWEGING!

Sûnt 1970 yn de ried! In wethâlder, en in bestjoer dat der in soad nocht oan hat! Is it in wûnder dat ik as nije foarsitter mei fertrouwen nei de takomst sjoch? Hoe't we dat dwaan wolle, lêze jimme hjirûnder. Mar ien ding stiet foarop: WE DOGGE IT MEI-INOAR!

De mienskip is hieltyd yn beweging. Wy, en dus de FNP, meitsje diel út fan dy mienskip. Dat betsjut ek dat wy ús dwaande hâlde moatte mei hoe't dy mienskip der útsjocht. No en letter. Ik haw it dan bygelyks oer wenjen, wurk, feiligens, ferfier, natuer, lânbou, sport, rekreaasje, ûnderwiis en fansels ús kultuer en taal. As politike partij wolle we, of better sein moatte wy, by dy fraachstikken belutsen wurde. Op provinsjaal nivo yn de Steaten en op gemeentlik nivo yn de gemeenteried. Mei bepale hoe't dy wrâld der útsjocht. Wurkje oan de hjoeddeiske libbensomjouwing, en ... ek alfêst neitinke oer de wrâld fan ús bern en pake- en beppesizzers.

Dat is gjin maklike opdracht. Mar wy dogge it mei-inoar. Foar Smellingerlân haw ik it dan oer fiif entûsjaste bestjoersleden, in riedslid (Durk Oosterhof) en – ja, wy binne as FNP ek ien fan de koalysjepartijen – ús wethâlder (Maria le Roy) dy't we diele mei GrienLinks.

Fernijd bestjoer wol aksje!

Nei in pear petearen mei de sittende bestjoersleden haw ik yn de ledegearkomste flak foar de simmer de funksje fan ôfdielingsfoarsitter oannommen. Bjarne van der Kooi (fan Achtkarspelen ferhuze nei Smellingerlân) is doe as algemien bestjoerslid keazen. Dêrmei bestiet it bestjoer no út fiif persoanen. Fierder binne dat Sijbren Sijtsma út Drachten, Albert Bosma út De Rottefalle en Hains Mous út Drachtsterkompenije.

Wy hawwe der nocht oan om mei-inoar de positive ûntjouwingen fan ús partij yn de gemeente Smellingerlân fierder stal te jaan. Sa wolle wy ús leden mear by de saken dy't spylje belûke en mear bining mei harren krije. Dêrom hawwe wy in eigen nijsbrief yn it libben roppen. It earste eksimplaar is foar de simmerfakânsje troch it bestjoer persoanlik (somtiden sels op de fyts!) by alle leden rûnbrocht. De reaksjes wiene lykas wy hope hiene: "fantastysk" en "moai dat jimme dit dogge!" In skot yn de roas

dus. En dat smakket nei mear. Wy hawwe ús dan ek foarnommen om fan 't hjerst mei it twadde nûmer te kommen.

Fierders wolle wy op in jierplan mei aktiviteiten ta. Wy tinke ûnder oaren oan it organisearjen fan gearkomsten dêr't bygelyks in wethâlder fertelt oer syn portefúlje en wat der op dat stuit yn de gemeente spilet. Wy dogge dat fansels foar ús leden, mar ek oaren binne yn ús eagen by dat soarte fan aktiviteiten wolkom. Dan wurket it nammentlik ek as in promoasje- en winaktiviteit foar nije leden.

Fyftich jier: in minysymposium?

Us ôfdieling bestiet takomme jier fyftich jier. We tinke deroan om yn dat ferbân wat spesjaals te organisearjen. Bygelyks in soarte fan minysymposium oer in

ûnderwerp dat elkenien rekket, lykas mobiliteit. Hoe komt it mei it iepenfier ferfier yn de regio? Geane we yn 'e takomst troch mei autoriden of moatte we op 'e siik nei oare mooglikheden foar ferfier? Ensafierder. Wy organisearje soks graach yn gearwurking mei oare ôfdielingen, dêr't we ynearsten by tinke oan de ôfdielingen ticht neist ús lykas Achtkarspelen en Opsterlân dy't om dy tiid hinne - as ik it goed begrepen haw - ek fyftich jier besteane.

En ta beslút, ommers wa't regearje wol moat foarútsjen, hawwe wy fansels as stip op 'e hoarizon de gemeenteriedsferkiezingen fan maart 2026.

Theun Wiersma, foarsitter ôfdieling Smellingerlân



Fan links ôf: Hains Mous, Sijbren Sijsma, Theun Wiersma, Albert Bosma en Bjarne van der Kooi

Wethâlders

MISJEWURK YN BRUSSEL

Foar gemeenten is it ornaris dreech om ynfloed te krijen yn it plak dêr't in grut part fan de wetjouwing makke wurdt: Brussel. Dochs hawwe wy yn de deistige praktyk mei de útwaaksen fan dy Europeeske wet- en regeljouwing wol te meitsjen. Reden foar om ús yn de Europeeske haadstêd de kop út en troch ris om 'e hoeke te stekken.

Dêrom sette op tiisdei 18 july in delegaasje fan fjouwer FNP-wethâlders nei België ôf. De direkte oanlieding foar dy besite wie in diner mei topamtner Robert de Groot fan de Permaninte Fertsjintwurdiging (de PV), dy't de lânsbelangen yn de EU behertigje moat en dêr op heech nivo oer ûnderhannellet.

De woansdeis waard yn in folplande dei mei ferskate topamtners fan de PV praat oer hoe't yn Brussel de hazzen rinne en oer wichtige saken lykas hûzebou, de enerzjy(transysje), romtlike ûntjouwingen, lânbou, wetter en fansels oer leefberens, in wurd dat by ús dúdlik wat oars betsjut as dêr. Wy uteren dêr ús soarch oer en hawwe besocht om út te lizzen dat de leefberens fan ús regio's dochs it útgangspunt wêze moatte soe by it meitsjen fan wetten en rjochtlinen. Dus net in sektorale oanpak om de losse ambysjes foarinoar te krijen, mar in yntegraal fiergesicht, dêr't leefberens it kaaiwurd yn is. It lestige dêryn is dat it Fryske plattelân perfoarst net eksimplarysk is foar it plattelân yn hiel Europa, troch de grutte befolkingstichtens

fan Nederlân, dat yn Europa troch guon as ien stedsgebiet sjoen wurdt. Saak dus om ek just as Nederlânske regio's by de oaren dúdlik te meitsjen dat de driiggende ferstedsking faaks noch wol in grutter probleem is as it leechrinnen fan it plattelân.

Nei in koart middeisskoft en in hapke iten brochten wy in besite oan ús freonen fan de EFA, dy't drok dwaande binne mei de Europeeske ferkiezingsen fan takomme jier en it program dêrfoar. Wy hawwe dêr yn in nijsgjirrich petear op haadlinen ideeën foar ynbrocht en sille noch mei konkrete amendeminten foar oanpassingen komme. It wie in tige weardefol petear dêr't de klam dúdlik op de belangen fan de regio yn lei, al kinne we dat yn EFA-ferbân fansels sa net neame, omdat wy ek freonen hawwe dy't har net as regio werom kenne mar mear as "nation without state." Miskien moatte wy ris om in wurd sykje dat de lading wol goed dekt en dêr't alle lidsteaten har yn fine kin.

As lêste giene wy, mei EFA-sekretaris-generaal Roccu Garoby en syn assistint

Adrian Fuentes Arevalo, nei it Europeesk parlemint om yn 'e kunde te kommen mei ús bûnsmaten dêr en wat koarte lyntsjes te lizzen. Der wie dúdlik ynteresse foar ús boadskip. Yn de Greens/EFA wurdt op dit stuit diskusje fierd oer wat no krekt "grien" is en nimt it draachflak foar it "rural green" ta. Dy wize fan tinken is dochs op mêden oars as it "urban greensentimint" dat de Grienen oant no ornaris uteren. Dat is in tige nijsgjirrige ûntjouwing, dêr't wy as FNP, neffens ús, ek in rol yn spylje moatte soene. Wy steane net allinnich as wy sizze dat griene ambysjes goed binne, mar dat ek de leefberens en de takomst fan ús mienskippen as wichtich punt meinommen wurde moatte en faaks wol it útgongspunt wêze moatte soene.

Nei in yntinsive dei wurdt it ús, ûnder it genietsjen fan in Belgysk bierke, in sinesapelsop en in goed miel, wol dúdlik: wy hawwe wat te sykjen yn Brussel en moatte ús dêr sjen en hearre litte. Mar wa't yn Brussel wat klearkrije wol moat de juste kontakten hawwe, moat witte wannear't er dêr ynfloed hat en der op 'e tiid by wêze, moat oanhâlde as storein en moat op mear as ien hynder wedzje. Fia de EFA, de VNG, it komitee fan de regio's, de PV en de persoanlike kontakten lizze dêr mooglikheden. Dêrom ..., oant gau Brussel!

Jan Dijkstra, Waadhoeke
Durk Durksz, Opsterlân
Bert Koonstra, Noardearst-Fryslân
Aant Jelle Soepboer, Noardearst-Fryslân



Fan links ôf: Durk Durksz, Jan Dijkstra, Aant Jelle Soepboer, Bert Koonstra

KRONYK

De lêste moannen gie it by de EFA benammen om inoar te moetsjen en tarieden foar de projekten dy't de kommende tiid op priemmen steane. De EFA-kommisje hie it drok mei de gearkomste fan it EFA-Eilannefoarum, dat yn novimber op Skylge wêze sil.

Fierder wiene kommisjeleden Paulien Slats en Jurjen Politiek by in gearkomste fan de EFA-jongerein yn Wales (sjoch fierderop) en wie in delegaasje fan de FNP nei it jubileum fan susterpartij SSW yn Noard-Dútslân west (*sjoch fierderop*).

It EFA-bestjoer hat drok dwaande west mei it skriuwen fan it EFA-manifest, in mjuks fan in begjinselprogram foar de kommende jierren en in koart ferkiezingsprogram foar 2024. In part

fan de diskusjes dêroer wiene yn Friûlië, de noardeastlike regio fan Italië dêr't de minsken ek Friûlensk en Sloveensk prate. De delegaasje hie ek de gelegenheid om de iuwenâlde basilyk fan Aquileia en syn mozaïken te besjen en brocht in besite oan de Sloveensktalige gemeente Števerjan / San Floriano del Collio. Fierder fertsjintwurdige Frank de Boer de EFA by it kongres fan de FUEN, de grutste organisaasje fan taalminderheden yn Europa, dizze kear yn Pécs, Hongarije.



EFA-bestjoer yn Friûlië (Italië)



Sintrale plein fan Pécs (Hongarije)

Wat noch yn it fet sit

De kommende tiid stiet yn it teken fan de tarieding fan it EFA-kongres dat yn oktober yn Straatsburch holden wurdt. Dêr sil it EFA-manifest presintearre wurde en sil de ôftraap wêze fan de Europeeske ferkiezings fan 2024. Hoewol't wy net oan dy ferkiezings meidogge, is dat foar de FNP ek in goede gelegenheid om ús takomke jier yn de debatten te mingjen. Mar earst komme de ferkiezings foar de Twadde Keamer noch fansels.

Tagelyk rinne de tariedingen foar de gearkomste fan it EFA-Eilannefoarum op Skylge. Yn novimber ferwachtsje we dat dielnimmers út hiel Europa nei Skylge komme om dêr mei ús en mei de bewenners fan ús eilannen in debat te fierjen oer húsfeesting: oer hoe't we derfoar soargje kinne dat ús ynwenners oan in wenning komme. Wat is dêrfoar nedich en binne der earne oars oplossingen dy't we hjir ek brûke kinne. En wat kin Europa dêryn betsjutte? Jimme sille dêr ynkoarten mear oer hearre!

PAULIEN EN JURJEN NEI WALES

Wy hawwe fan 27 july oant 30 july de haadstêd fan Wales, Cardiff, besocht. De EFA-Youth organisearre in konferinsje oer de 'Political participation of European minority youth in elections', oftewol it dielnimmen oan de polityk út it perspektyf wei fan jongerein út Europeeske minderheidsregio's.



Paulien en Jurjen mei oare dielnimmers foar it parlemint fan Wales, de Senedd Cymru

It foech yn Cardiff

It wie tige nijsgjirrich om yn petear te gean mei oare jongelju út ferskate Europeeske regio's lykas Bretanje, Friûlië, Elzas, Valle d'Aosta, Sisilië, Skotlân, Galisië en Wales. Benammen de ferskillen tusken de regio's mar ek de oerienkomsten wiene opfallend yn positive sin; de sterke bining mei de regio en identiteit.

De earste dei stie yn it teken fan it yn 'e kunde kommen mei de Welske kultuer en it polityk systeem fan it lân. Wy hawwe ûnder oaren it parlemint fan Wales besocht en leard oer hoe't en hokker foech der yn Cardiff leit en wat der yn Londen foar de ynweners fan Wales bepaald wurdt. In Welske politika fertelde oer sawol har politike ûnderfiningen yn Wales as dy yn Westminster, it parlemint yn Londen. Wy hawwe ek in kultuerhistoarysk museum besocht.

De twadde dei begûn mei in debat oer de fraach oft it folk de politike liiders hat dy't it fertsjinnet. Dêr folge in panel op dêr't jongelju dy't yn harren regio in politike funksje beklaaie yn fertelden oer de útdagingen en foaroardielen dy't se ûnderfûnen, mar foaral ek oer harren motivaasje en ideology as jong politikus yn in faak wat 'âlder' fermidden.

Wy hawwe yn dat wykein in protte opstutsen fan it bredere, Europeeske politike dwaan en litten en yn it bysûnder yn de regio Wales. Benammen fan de gastfrijheid, de grutske hâlding foar harren lân oer en de beskerming fan de identiteit fan de ynweners fan Cymru (Welske namme foar Wales), ûnôfhinklikheid en taal. Bygelyks de sichtberens fan it Welsk yn de iepenbiere romte jout ynspiraasje foar hoe't we it Frysk in prominintere rol yn ús mienskip jaan kinne.

Al mei al wie it in tige nijsgjirrich wykein, dêr't we in protte yn leard hawwe oer oare Europeeske regio's, de politike systemen en it belang fan de erkenning en kultuer fan Fryslân. Wy sjogge út nei fierdere gearwurking mei oare partijen (troch de formele en ynformele aktiviteiten fan dy gearkomsten) om mei-inoar ús regio's fierder te ûntwikkeljen.
Jurjen Politiek & Paulien Slats

SUSTERPARTIJ SSW 75 JIER

De FNP wie by it jubileum fan ús susterpartij SSW (Noard-Friezen en Denen), dy't fierde dat de partij 75 jier yn it parlemint fan Sleeswyk-Holstein sit. Yn jannewaris wie de SSW ek op ús jubileumfeest yn Thialf, dat wy koene dêr net ûntbrekke. Partijfoarsitter Jan Arendz, Frank de Boer en deputearre Sijbe Knol teagen nei Kiel foar in noflike fiering. Wy hawwe dêr mei in soad minsken, fan ministers oant partijmeiwurkers, goede kontakten lein.



Fertsjintwurdigers SSW, FNP, EFA



SSW fraksjefoarsitter Lars Harms



Jan Arendz op SSW-partijburo mei FNP-poster

DE SENAAAT EN IT NASJONALE NIVO

Onafhankelijke Politiek Nederland (OPNL) is it gearwurkingsferbân fan de lokale en regionale partijen yn Nederlân, dêr't de FNP as 'founding father' fan it begjin ôf oan by belutsen is. Neist tsjinstferliening oan de oansletten partijen is in wichtige politike taak: it bewissigjen fan ien of mear sitten yn de Earste Keamer om sa út namme fan alle regionale en lokale partijen in stim yn it wetjouwingsproses te krijen.

Hindrik ten Hoeve en Germ Gerbrandy hawwe dy sit yn de senaat yn it ferline beset. De FNP fûn it dan ek tige wichtich om foar de sittingsperioade 2023-2027 wer in goede kandidaat nei foaren te skowen. En sa't we allegearre witte, is dat slagge. Auke van der Goot is op 13 juny 2023 beëdigde as senator. Dat wie op himsels in moaie prestaasje, want de lokale en regionale partijen holden by de provinsjale ferkiezingsen goed stân, nettsjinsteande de opmars fan BBB en it kapen fan de Steateferkiezingsen troch guon lanlike partijen.

It is dúdlik dat it nasjonale debat hieltyd wer de provinsjale ferkiezingsen fersteurt. It is dêrom ek dat sawol de FNP as ek OPNL neitinke oer de fraach hoe't de regionale macht it bêste brûkt wurde kin by it nasjonale wetjande proses. Foar OPNL is dat ûnder mear in taak foar de nije foarsitter, Sybren Singelsma, dy't yn

juny troch de lederied fan OPNL keazen waard. Hy koe daliks oan 'e bak yn de diskusje oer de takomst fan OPNL. It is foar him dúdlik dat ien royale sit yn de Earste Keamer te min is om gewicht te hawwen. Dy diskusje sil yn OPNL fierd wurde moatte. Foar it momint sit der ien senator, en dy fertsjinnet safolle mooglik stipe om't it wurk fan in ienmansfraksje no ienkear in drege put is. In suksesfolle senator is it politike kapitaal foar de kommende ferkiezingsen, ek foar de FNP op Frysk nivo.

It earste tema dêr't Auke him yn syn maidenspeech oer útsprekke mocht, wie de posysje fan grinsarbeiders. Wichtich foar alle grinsregio's yn Nederlân. Tafallich wat minder wichtich foar Fryslân sels, mar lykwols in tema dat foar de oare OPNL-partijen fan belang is. Auke hat tegearre mei Janny Bakker-Klein (CDA) op 12 septimber in moasje yntsjinne om



**ONAFHANKELIJKE
POLITIEK NEDERLAND**

de Kracht van de Regio

de fiskale posysje fan grinsarbeiders by de tiid te bringen. Dy moasje waard mei ûndertekene troch SP, BBB en Volt en op 26 septimber troch in brede mearderheid yn de Earste Keamer oannommen.

Der waarden fan 't simmer yn OPNL-ferbân al opmerkingen makke dat it wol sa Frysk is mei in senator en in foarsitter beide ôfkomstich út de FNP. Dêr hat Sybren Singelsma in dúdlike miening oer: de FNP is no ienkear in sterke regionale partij, mei in skiednis en ûnderfining fan



Auke van der Goot

mear as sechstich jier. Lit ús dat brûke om de oare lokale en regionale partijen sterker te meitsjen. Dat is net allinnich goed foar dy partijen, mar ek foar de FNP sels. In stevige nasjonale en ûnôfhinklike koepel, om as regionale partijen polityk meitelle te kinnen op lanlik nivo, is foar de FNP ek fan belang. Ommers, alle regio's telle noch mear as de regionale en lokale partijen der ek ta dogge yn de lanlike politike arena.

Bestjoer OPNL



Sybren Singelsma

Mei de ynfiering fan de nije webside ha it partijhûs en it HB nije mailadressen krigen. De âlde mailadressen (fnphus@fnp.frl / hb.ynfo@fnp.frl) wurkje noch oant 1 jannewaris.

FNP-hûs

Obrechtstrjitte 32, 8916 EN Ljouwert
Antwurdnûmer 5034, 8900 VB Ljouwert
058 213 14 22, Partijhus@fnp.frl
Buro: **Ferry van der Ploeg**,
06 1131 7866

Ferry.vanderploeg@fnp.frl

It FNP-hûs is iepen op tiisdeis en tongersdeis fan 9.00 oant 13.00 oere (ticht fan 22 desimber oant 9 jannewaris)

Bankrekken: NL21 RABO 0305 0145 28
Ynternet: www.fnp.frl

Haadbestjoer

Haadbestjoer@fnp.frl

Jan Arendz, Beetstersweach (foarsitter)
06 1186 4505

Jan.arendz@fnp.frl

Aeltsje de Groot, Stiens (skriuwer)
06 1018 3727

Aeltsje.degroot@fnp.frl

Annigje Toering, Mantgum
06 5124 7182

Annigje.toering@fnp.frl

Jan Benedictus, Boelensloane (pongh.)
0512 34 27 41

Jan.benedictus@fnp.frl

Marcel van der Wal, Aldegea (Sm.)
06 8756 1563

Marcel.vanderwal@fnp.frl

Klaas H. Nieuwhof
06-4731 9213

Klaas.nieuwhof@fnp.frl

Earste Keamer (OPNL)

Auke van der Goot, Grins
auke.vandergoot@eerstekamer.nl

STEATEFRAKSJE

p/a Provinsjehûs, 058 292 58 03
fnp@fryslan.frl

Frank de Boer, beliedsmeiwurker
Geriena Bosma, beliedsmeiwurker.

Fraksjeleden

Sijbe Knol, Sint-Anne (foarsitter)
06 3094 4415

s.knol@fryslan.frl

Dinie Visser, Snits,
06 2747 8459

dvisser@fryslan.frl

Sita Land-Dotinga, Surhuzum,
06 1550 0559

s.dotinga@fryslan.frl

Gerben van der Mei, Tsjummearum
06 1548 0047

g.h.vandermei@fryslan.frl

Tjitte Hemstra, Wytgaard
(opfolger/kommisjelid)

06 2548 6652,

t.hemstra@fryslan.frl

Thom Feddema, Raard (opfolger/
kommisjelid)

06 3179 5791

t.feddema@fryslan.frl

WETTERSKIPSFRAKSJE

Bert Vollema, Tsjom (foarsitter)
06-3064 3222

bvollema@ab.wetterskipfryslan.nl

Trijntsje Albada, Twellingea
06 1106 4776

talbada@ab.wetterskipfryslan.nl

Anneke Hylkema, Aldegea (SWF)
06 2330 9621

ahf@tiscali.nl



IT HOECHT HJIR NET
PERFEKT. IT MEI
EK WAT RÔGER.



FNP-hûs

Obrechtstrjitte 32
8916 EN Ljouwert

Antwurdnûmer 5034
8900 VB Ljouwert

(058) - 213 14 22
fnphus@fnp.frl

www.fnp.frl

DÉ PARTIJ FOAR DE REGIO SÛNT 1962.